



Profyl fan de Rie fan tafersjoch Afûk

De Rie fan tafersjoch fan de Stichting Afûk wurket neffens de acht prinsipes fan de Governance Koade Kultuer. De Ried bestiet út fiif persoanen. Alle leden hawwe fjouwer rollen:

- tafersjochhâlder
- sparringpartner foar de direkteur-bestjoerder
- wurkjouwer fan de direkteur-bestjoerder
- ambassadeur fan de organisaasje

De Rie fan tafersjoch fersterket de direkteur-bestjoerder fanút syn eigen rol en tinkt derom om net op de stoel fan de direkteur-bestjoerder sitten te gean. De kearnwearden fan de Rie fan tafersjoch binne:

- missy-dreaun: it tafersjoch is basearre op de dielde fisy en missy fan de Rie fan tafersjoch en de direkteur-bestjoerder op de maatskiplike doelstelling fan de organisaasje. Dêrby wurde alle belangen soarchfâldich ôfwoegen.
- lykweardichheid: de direkteur-bestjoerder en de Rie fan tafersjoch binne lykweardich en folje inoar oan fanút harren eigen rol, ekspertize en kompetinsjes.
- fertrouwen: de relaasje tusken de direkteur-bestjoerder en de Rie fan tafersjoch berêst op fertrouwen en iepenheid. Fertrouwen betsjut lykwols net dat de Rie fan tafersjoch net kritysk wêze kin.

De Rie fan tafersjoch is begien op in goede gearwurking wêryn't de leden frij binne om har út te sprekken, elkoar fertrouwe, en ôfwikende mieningen en ideeën doare yn te bringen. Ideeën wurde besprutsen, wêrby't de fokus leit op resultaat. Der is binnen de Ried romte foar dialoach, oriïntaasje op takomst, refleksje en kontrôle, en proses en organisaasje. De refleksje organisearret de Ried ûnder mear troch in jierlikse selsevaluaasje.

Algemeine easken oan de leden fan de Rie fan tafersjoch

De Rie fan tafersjoch is sadanich gearstald dat alle leden tsjinoer inoar, de direkteur-bestjoerder en hokker dielbelang dan ek, ûnôfhinklik en kritysk operearje kinne. Alle tafersjochhâlders:

- hawwe affiniteit mei de Fryske taal en kultuer en binne woartele yn Fryslân.
- hawwe ferskillende eftergrûnen en ekspertizes, der wurdt stribbe nei lykwichtichheid en ferskaat.
- binne ûnôfhinklik en hawwe gjin persoanlik of tsjinstridich belang.
- binne yn steat om it algemiene en saaklike belied fan de organisaasje op haadlinen te beoardieljen.
- hawwe genôch tiid om harren taak út te fieren.

De leden fan de Rie fan tafersjoch beskikke mei-inoar oer in relevant netwurk en spesifike deskundichheid en kennis dy't bydraacht oan it gehiel, op it mêd fan:

- polityk en bestjoer
- bedriuwslibben
- ûnderwiis, taal en kultuer
- finânsjes en bedriuwsfiering
- juridyske saken

De foarsitter fan de Rie fan tafersjoch beskikt oer ekstra kwaliteiten, te witten:

- oerwicht binnen en bûten de organisaasje
- bestjoerlike ûnderfining, ûnderfining mei governance
- sterke kontaktuele en represintative eigenskippen

Fergoeding

Leden fan de Rie fan tafersjoch ûntfange gjin lean. Wol hawwe sy rjocht op in fergoeding fan de troch harren yn útoefening fan harren funksje (yn reedlikheid) makke ûnkosten en krije sy fakaasjeild foar elke gearkomste.

De proseduere

Dit profyl wurdt hantearre by de seleksje (en werbeneaming) fan de leden fan de Rie fan tafersjoch. De beneaming is foar in perioade fan fjouwer jier, mei de mooglikheid fan werbeneaming foar nochris in perioade fan fjouwer jier. By fakatueres of werbeneaming sil sjoen wurde nei de al oanwêzige en ûntbrekkende kompetinsjes foar it opstellen fan it profyl fan de fakatuere/ werbeneaming. Fakatueres wurde bekend makke fia eigen media en ekstern publisearre.